



Advokatekantoar Hiddema  
foar de hear, mr. Theo U. Hiddema  
Wilhelminasingel 109  
6221 BH Maastricht

Ljouwert, 24 july 2017

Achte hear Hiddema,

De Ried fan de Fryske Beweging stjoert yn foarkommende gefallen persoanen, organisaasjes en ynstellingen, dy't har sichtber iepenstelle foar it Frysk of it op in bysûndere wize brûke of brûkt hawwe, in plombrief.

De wize wêrop't jo ús memmetaal oertsjûgjend doarden te ymplementearjen yn jo 'maidenspeech' 7 april lêstlyn yn de Twadde Keamer yn De Haach, docht de Ried tige deugd.

De Ried fan de Fryske Beweging is in koepelorganisaasje fan selsskippen, stichtingen, ferieningen en organisaasjes dy't wiis binne mei Fryslân en har ynsette foar mear romte foar it Frysk en de Fryske kultuer.

Jo bysûndere taalhâlding efter de sprekstoel, yn it fermidden fan polityk De Haach, past no krekt yn dat byld fan de Ried en dêrom nochris dit earbewiis yn de foarm fan in plombrief.

Wy hoopje dat jo wize fan optreden by mear Friezen om utens, benammen yn polityk De Haach, neifolging fynt.

De woartels yn 'e boaiem fan Grut Medwert binne noch geef en sa taai as in ielshûd.

Nochris lof en tank.

Foar de Ried fan de Fryske Beweging  
mei achting en freonlike groetnis,

Renze Valk, skriuwer fan de Ried